

# Yn it spoar fan Hieke Hornstra.

Aldjiersjûn 'Allemaal eruit!'

Aldjiersjûn is by útstek it momint om te praten oer âldjiersfiten fan alear, dy't steefêst dit jier noch sterker binne as foarrich jier en takomm'jier grif sterker wêze sille as dit jier. It begûn by ús altiten mei it ferhaal oer ús heit dy't mei syn maten deryn slagge wie – fier foar de oarloch dus – om it tou fan de klok yn de toer ûnder de preek fan dûmny Hintzbergen en it sjongen fan 'uren, dagen, maanden, jaren' troch de galmgatten nei bûten te krijen. Der waard in ferskriklik lang stik oan fêst knope, sadat de jongens, sittend op de Grutte Berch, om tolve oer de klok liede koenen. Wist hiel Wikel oant de Norde ta dat it nije jier ynset wie. Sa ûnskuldich as in bernebibel, soe men sizze, mar dat jilde net foar de koster. Dy krige hast in beroerte fan lulkens.

Hoe moat it dan wol net by syn kollega fan de griffermearde tsjerke delkommen wêze doe't hy murk dat der yn de nearnenacht in foalle omtripke tusken banken en preekstoel.

It moaiste wie fansels it tûgjen. Jo moasten der in bepaalde leeftyd foar ha oars mochten jo net meidwaan, mar de seleksje wie net strang. De bysfeinten hienen in bolderwein bemachtige, út elkoar helle en ûnderdiel foar ûnderdiel nei it dak fan de pastorij yn de Buorren takele. Dêr waard de wein wer yn elkoar set en nijiersmoarn koe elk mis genietsje fan de stunt. De wein moast nei ferrin fan tiid ek wer nei ûnderen fansels. Dan moasten de 'dorpsoudsten' alle diplomatike gaven dy't yn harren wienen, oansprekke, want gjinien hie it dien.

De buit fan de sleperij kaam fan de boeren. Weinen, masjines en net te ferjitten dongkroade. Age Knossen tocht nijiersmoarn om seis oere dat hy de kroade wol op de skerne stean litte koe. Mis, kroade fuort, by de buit yn de Buorren setten.

De trijehoeken yn de Buorren en op de Bargebek wienen nammers de 'verzamelplaatsen'. Wy wienen tusken Jochum Oenema en Sjoerd Spoelstra ûnderweis mei in boerenwein doe't de plysjes ús yn it snotsje krigen. Wy pykten út. Ik ferstoppe my ûnder de hage fan menear Abma (no Siemen en Marijke) en krige dêr in bêste skop ûnder de kont fan plysje Alting. Tusken him en my is it nea wer goedkommen, en net allinne troch dy skop. Wy moasten hoe dan ek dy wein werombringe want sa'n obstakel midden yn de nacht sûnder ferljochting samar op 'e dyk koe fansels net. Doe't de plysje fuort wie rieden wy de wein lykwols nei de Bargebek en troffen yn de buert fan Pieter Postma (no besinestasjon Tamoil) in oare ploech dy't krekt by Knilles Lootsma de buit binnen helle hie. De boer stie mei syn soan yn de ûnderklean foar it raam oan te gean, sa ha jo net. Auke Swart stapte om him ta en frege

oft-er soms mei ride woe..... Oalje op it fjoer, read fan lulkens, mar de wein kaam op de Bargebek.

Meastal stie it spul der in pear dagen en waard dan ophelle. Der wie ien útsondering. Doe't om in oere as twa yn in âldjiersnacht der in auto mei geweld by Sjirk van der Land it hiem opried oan it hok ta, wie dat it sein foar de ploech, dy't krekt stie út te pusten, om alles wat op de trijehoek stie nei de reed fan Sjirk te slepen. Der siet sels in ploech by, dat even de messen yn de grûn stekke. Mar in lyts eintsje, mar och sa effektyf. Koe dy auto teminsten net mear fan it hiem komme. Der sieten jongens fan Eastersee yn en dat wienen net ús maten. Wy joegen ús noflik del, wachtsjend op de dingen dy't komme soenen. Eastersee kaam nei bûten, seach dat se mei gjin mooglikheid fan it hiem komme koe en frege, earst suver hast fetsoenlik, oft wy dy rommel even oan de kant sette woenen. Gjin sprake fan. Stadichoan waard de sfear grimmiger. Wy sieten goed, wy wienen yn de mearderheid. Kerst-e-Mine seach it har oan en skille de plysje. Dy kaam, Hoving foarop. Gesach is gesach, alteast yn dy dagen, dat wy moasten in paad meitsje wer't dy auto lâns koe. No, toe dan mar. It tempo lei leech, de 'actiebereidheid' wie minimaal, mar nei in oerke koe de werommreis nei Eastersee begjinne. De plysje sette fuort, de ploech belânne by ús yn de keamer. Us mem hie by bakker Prins in doaze mei appelflappen helle en dy even op de divan setten. Haye Smits, it paad wat bjuster, gie der boppe op sitten. Dat platte appelflappen. Us mem skonk in nijersslokje yn. De doar waard iepen smiten en dêr stiene samar ynienen de koddebeiers yn de keamer. Wat dat moast, it kafee midden yn de nacht iepen en folle net genôch. 'Allemaal eruit!' baste Hoving. Dat dêr gong de ploech. Ik bleau sitten. 'En jij ook!', Hy rûn read oan. 'No', sei ús mem, 'dat is myn soan.' Ik mocht bliuwe.

De stelregel wie dat âldjiersjûn it kafee om njoggen oere ticht gie, mei in útrin oan't healwei tsienen. Dan begûn omke Pyt yn de kachel om te pulkjen. Om oan te jaan, dat it gebeurd wie. It momint dat myn maat út Roden altiten omskriuwt mei 'Frou we geane mar op bêd, want de fisite wol ek wol nei hûs.' Op dy iene âldjiersjûn sieten der noch trije fryfeinten oan de taap. Tsja, wer moasten se hinne, nei hûs wie gjin optsje, dêr leinen se hast al op bêd. 'Toe dan mar, gean mar nei de keamer' sei ús mem. Myn Ruerdtsje wie dêr dwaande mei oaljekoeken en drankjes doe't de trije mannen binnenstapten. De tillevysje stie oan. It showballet fan Penney de Jager, net tefolle klean oan dus. De mannen stean even stil, sjogge nei de tv en dan seit Wieger: 'Se wolle ús ophitse, Feike'. Ien fan dy ferhalen dy't elke âldjiersjûn foarby komme.

Letter mear. Willem Stegenga